

Achte Krúspunt bestjoer,

As delegaasje fan it KK-bestjoer binne wij fansels tige bliid dat wij hjoed dizze priis krije. Wa hie dat no tinke kinnen? Wij net yn elts gefal. Tige tank derfoar.

It KK is oprjochte yn 2006 troch Hindrik van der Meer. Hij hie as doel om meer Fryske lieten te introdusearen yn de tsjerketsjinsten. Hij tocht doe dat dat faaks ek wol koe mei 4 minsken; in kwartet dus. Mar dêr is net folle fan op 'e hispel kaam. Der wiene meastentiids folle meer sjongers. Mar de opset fan dit koar die wol fertuten. Want as it KK kaam te sjongen yn de tsjerketsjinsten wiene der altyd in knoarre minsken. Eltsenien fûn it prachtich. En wat wiene de minsken optein oer dit soarte fan tsjerketsjinsten. It bliuw net allinnich bij sjongerijen yn tsjerken. Ek teaters binne ôfhierd mei as hichtepunt om de musical Ruth man/froumachtich nochris op 'e planken te bringen. In boppeslach. Minsken wiene net stil te krijen en sa gie it ek mei de sjongers fan it KK.

It lêste hichtepunt wie fansels de ôfskiedtoernee fan it KK mei syn lieder lâns 41 tsjerken fan de maaitiid 2018 oant 9 maart 2020. Boppedat wie der ek in bondel "Hertslach" gearstald as oantinken oan Hindrik syn ôfskie en al syn tiid dy't er oan it KK bestege hat. Tagelyk wie dizze bondel ek in oantinken oan de skriuwers en komponisten dy 't se makke hawwe. It koe net op. Wat in moaie tiid.

Gjin minske is ûnmisber en ek in oprjochter hat net it ivige libben. Sa is der maart 2020 in nije dirigint kaam en dat is Feike van Tuinen. It KK giet no fierder mei it ynsiedzjen fan de greiden en mooglik kin Krúspunt de rispinge fan it nijgers dwaan? Wij sjonge nije meldijen en nije wurden dy't in protte lju graach hearre wolle yn harren memmetaal. Lieten oer Mozes oant David, fan Noach oant Goliath en oer Sodom en Gomorra. En wat slagget dat sjongen omraak.

It tal leden fan de KK sjongers giet inkeld mar omheech. Hoe kin dat no? Sa't jimme witte hâlde in protte koaren dermei op, mar it KK net. Wat soe dat no wêze kinne? As earste is it KK no ienris net bûn oan stêd as doarp, mar oan Fryslân! Us sjongers lûke meiinoar op om te sjongen en om de hjoeddeiske en de nije wurden te priuwen oer ús ierdske libben.

As twadde soe it sa wêze kinne dat wij rekke wurde troch de sjarme fan de wurden en de meldijen? Lûden dy't in minskeheert reitsje en tagelyk ek rêst jouwe. Sa reizgje wij troch Fryslân en geane de tsjerken del om it leauwen fan ús pakes en beppes nije hânnen en fuotten te jaan.

Wij geane fleurich fierder op ús paad mei in nije lieder en mei dizze priis as stipe. De takomst yn 'e mjitte, al mar fierder op reis en it paad del, sa't it al jierren giet. Ta beslút en ek as oantinken oan dizze priis, wol ik graach jimme de wurden trochjaan fan Desmond Tutu, want:

*It goede is ommers sterker as it kweade en leafde sterker as haat.*

*Ljocht is sterker as it tsjuster en libben sterker as dea.*

*Hij hat oerwûn en Syn leafde draacht ús.*

Ut namme fan it KK-bestjoer hoopje wij dat wij de Fryske lofsang geande hâlde!

Nochris tank foar jimme stipe én dizze priis en graach oant in oare kear.

Ulbe B. Bakker, 22.04.2023